

De heit fan Finn hjit Timo en is klaaid yn in giel T-shirt en in griene túnbroek, dêrtroch liket er echt op in túnman. Der is in soad wurk te dwaan yn 'e bosk, lykas oanharkje en skeppe. As it drûch waar is, jout er de blommen soms wetter. Dêrfoar brûkt er in amer of in blommejitter.



Finn hat in suske krigen, se hjit Fientje en se is oardel jier âld. Se hat deselde grize facht as Finn. Fientje draacht in rôze rokje mei oan'e ûnderkant kant roaskes en hat altyd har popke koesy by har. Fientje is in leaf lyts famke.

Zinzi rint troch de bosk nei it hûs fan Finn. Der lizze fertoarre blêden op 'e grûn, dy't fallen binne yn 'e hjerst. Ut en troch skopt Zinzi tsjin de blêden en fleane se de loft yn. As se by it stek fan Finn syn hûs stiet, ropt se: 'Finn, ik bin der, giest mei?'

Se sjocht Finn net oankommen, mar wol syn lytse suske Fientje. Zinzi fynt Fientje in skatsje. 'Hoi Fientje, bist mei dyn popke oan it boartsjen?' freget Zinzi. 'Ikke boartie mei foppie Koesy,' antwurdet Fientje. 'Dat is moai,' seit Zinzi tsjin har.

Dêr komt Finn. 'Hoi Zinzi, fijn datst der bist. Wêr sille we boartsje?' freget er oan Zinzi. 'Wy kinne wol yn 'e bosk boartsje!' seit se. 'Ja, by de grutte beam oan it begjin fan 'e bosk,' antwurdet Finn. Se beslute om mei de fyts te gean.

Finn set syn fyts altyd achter it hûs tsjin it stek oan. Se rinne nei it stek om de fyts te heljen. 'De fyts stiet der net!' seit Zinzi. 'Hoe kin dat no? Ik ha him justerjûn noch stean sjoen,' seit Finn. Finn syn gesicht wurdt hielendal read fan skrik. Hy begjint te gûlen en kin hast net út syn wurden komme. 'O, Zinzi, wêr is myn leave iikhoarnfytske? Ik wie sa gek op 'e fyts en no is er fuort!' snokt Finn. 'Us heit sil ek wol lik wurde as er heart dat myn fyts fuort is.'

'Hast de fyts fan 'e moarn noch brûkt?' freget se.

'Nee, juster wol en hjoed noch net,' snokt er.

'Soe jim heit him meinommen ha?' freget Zinzi om har freon gerêst te stellen.

'Nee, dat tink ik net, want syn fyts is fuort. Dy hat er meinommen nei syn wurk,' snokt Finn.

Zinzi slacht de earm om him hinne. 'Stil mar, it komt goed. Jim heit is in leave man, hy sil grif wol helpe om de fyts te sykjen. Hy wurdt net sa gau lik. Kom, we sille de fyts sykje, Finn!' seit Zinzi. Ek sy is fertrietlik dat har freontsje syn fyts kwyt is.

